

De paadsljochter

Nijsbrief fan de FNPjongerein



Nûmer 4 – maart 2012

=====

No sa!

No alwer it fjirde nijsbrief fan de FNPjongerein by dy op 'e matte! 18 novimber 2011 waard de earste Algemiene Ledegearkomste sûnt de oprjochting fan de FNPjongerein holden. By dy ledegearkomste koenen wy Olrik Bouma sukses winskje mei syn traineeship by de Europeeske Frije Alliânsje yn Brussel, syn ferhaal fine jim op de oare side fan dit nijsbrief. Ien fan de ôfspraken oan 'e ein fan de ledegearkomste wie om in fisjy te skriuwen fan hoe't wy as FNPjongerein de takomst sjen wolle. Fansels is it de muoite wurdich om nei te gean hoefolle fan de oarspronklike kearnwearden ek omset wurde yn de hjoeddeistige polityk mei de FNP as bestjoerspartij. In oar nijsfeitsje is it beneamen fan Jochum Meester as sekretaris fan Jong Polityk Fryslân, in feriening fan politike jongereinorganisaasjes út de provinsje Fryslân dêr't de FNPjongerein no dus ek fysyk yn sit.



Mei Fryske groetnis,

Jim FNPjongerein

Algemiene Gearkomste EFAY

Allegear hinne!

Yn de Frijbûtser fan febrewaris 2012 hawwe jim lêze kind dat it jierlikse EFAY-kongres dit jier yn Fryslân hâlden wurdt. Fan 22 oant 25 maart komme de jongereinleden fan de Europeeske Frije Alliânsje nei it WTC Ljouwert foar de Algemiene Gearkomste (General Assembly).

De Algemiene Gearkomste beslacht trije sessy's, wêrfan de earste op freed om 10.00 oere wêze sil. FNP-leden ûnder de tritich jier binne tige wolkom om dêrby te wêzen. Sneontejûn sil foar it ynternasjonale selskip in aktiviteit organisearre wurde dêr't de FNP-leden ek tige wolkom binne.

Sjoch foar ynfo ek op www.fnpj.nl

Jubileum FNP

14 jannewaris waard yn Earnewâld it jubileumfeest 50 jier FNP holden. Yn dizze Paadsljochter wolle wy alderearst Jochum Meester tanksizze foar al syn goede wurk yn de jubileumskommisje. Dy kommisje wie ferantwurdlik foar de plenning foar it feest sels en de gouden glimmer (glossy) dêr't noch in ynterview yn stiet mei de FNP'ers Saapke Voolstra en Wolter Jetten. Op de bysûndere jubileumsdei wienen in soad FNP-ers oan it wurd, sa ek ús FNPj-foarsitter Saapke Voolstra op Omrop Fryslân TV én radio. It TV-ynterview dat Saapke die mei Omrop Fryslân stiet op ús webside. Saapke Voolstra soe letter dy dei noch de titel sterkste FNP'er winne troch 'it swurd fan Grutte Pier' ûnder tafersjoch fan Wout Zijlstra it langst mei strekte earms omheech te hâlden. Saapke, tige lokwinske!

FNPjongerein yn Brussel

Olrik hat Ynternasjonaal & Europeesk Rjocht studeard yn Grins. Hy sit sûnt ein 2010 yn de skaadfraksje fan FNP Skarsterlân, en sit dêr wyls ek yn it bestjoer. De Europeeske Frije Alliânsje is de Europeeske partij dy't nasjonalistyske en minderheidspartijen fertsjintwurdigt yn it Europeesk Parlemint, oprjochte troch ûnder oaren de FNP yn 1981. Olrik wurket sûnt desimber oant maaie as trainee mei yn it kantoar yn Brussel.

As trainee rin ik no al wer inkele moannen mei hjir yn Brussel. Wy wurkje op kantoar mei syn trijen foar de Europeeske Frije Alliânsje (EFA): Günther Dauwen, direkteur fan de EFA, Eva Bidania Ibargutxi, polityk adviseur, en ik. Jo kinne begripe dat it wurkjen yn sa'n lytse groep in grut ferskaat oan taken meibringt. De EFA fertsjintwurdigt likernôch 40 partijen oer hiel Europa. Sommigen binne grut, sa as de Scottish National Party en de Nieuw-Vlaamse Alliantie, mar oaren binne lyts. Eltsenien moat fansels ynspraak hawwe, hielendal omdat de grutte fan in partij net altyd lyk bliuwt.

It wichtichste momint fan dizze ynspraak is op de Algemiene Gearkomste (AG) dy't ien kear yn't jier hâlden wurdt. It organisearjen fan de AG is ek de wichtichste taak fan ús kantoar. Wy binne drok dwaande mei te soargjen dat alle partijen harren moasjes yntsjinje en harren delegaasjes nei de AG stjoere. Oare dingen dy't regele wurde moatte, binne it hotel, de lokaasje, de PR, de dokuminten, en sa noch folle mear. Fansels binne wy bliid dat dit jier de AG yn Ljouwert hâlden wurdt. Dit is in prachtige kâns foar de FNP om har eftergrûn oan de Europeeske partners sjen te litten, en om nei bûten ta sjen te litten dat de FNP in ynternasjonale fisys hat. Nêst de AG fan de EFA wurdt dan ek dy fan de EFAY hâlden, it jongerein fan de EFA wêr't de FNPj by oansluten is.

Fierder is it wurk foar de EFA benammentlik administratyf. It ferstjoeren fan it 30 jier EFA boek nei alle EFA kontakten en de blêden fan de partijen om fuort te jaan, bygelyks. Ek it ûnderhâlden fan de website en Facebook heart hjir by, en de EFA hat krekt in Twitter account oanmakke.



Wy hawwe ek noch oare kontakten binnen de partij. In oantal kear yn it jier komt it Buro byinoar. Dat is it bestjoer dat oer de deistichsaken giet, wêrta it opdracht krijt fan de AG. Fan de FNP sit Sybren Posthumus hjir yn. Fansels ha wy ek kontakt mei de EFA Groep, de Parlemintariërs yn it Europeesk Parlemint en harren stêf. Dizze Groep hat regelmjittich gearkomsten wêr't de noasen even byinoar stutsen wurde en de politike linen besprutsen wurde, wichtich omdat se allegear yn oare kommissjes fan it Parlemint sitte. In leuke ûnderfining wie in reis nei Straatsburg yn jannewaris ta gelegenheid fan de beëdiging fan ús nije Europarlemintariër, Ana Miranda.

As lêste hat de EFA ek noch in wittenskiplikke stichting, it Centre Maurits Coppieters (CMC). Dizze stichting docht ûndersyk nei foar de EFA nijsgjirriche ûnderwerpen, wêr't de politike tak dan wer gebrûk fan meitsje kin. De CMC hat ien meiwurker yn Brussel, de koördinator Ignasi Centelles Santana. Hy sit yn itselde kantoar as ús, en wy hawwe dus altyd kontakt en wurkje faak mei-inoar.

Al mei al jout myn wurk by de EFA my in nijsgjirrich ynsicht yn hoe't it der oan ta giet yn Brussel. Ik sjoch de EFA as in goede fertsjintwurdiger fan FNP-stânpunten yn Europa, en as fertsjinwurdiger fan (taal-)minderheden dy't oars gjin ynspraak hawwe. In goede partij om efter te stean. Ik hoopje in protte folk te sjen op de AG yn it wykein fan 23-24 maart.

www.fnpj.nl



fnpjongerein



jongerein@fnpj.nl



@fnpjongerein